

Twa sûgen mei heit op 'e rêch

40 15/5 2002

'En wat ik no freegje woe: wêrom sliepen by in Beetstra altyd de Dútsers yn 'e golle en by de buorman de Kanadezen, sis, dyn pake en dyn heit wienen faktisch NSB-er, hè'n.' 'Hoe hij, zijn vader, Sipke kent. Ík wist dat hij wereldkampioen zou worden. Het zit 'm in de borstkas, hè. Die jongen is machtig groot. Hij kan gewoon niet verliezen.'

TSJERK VEENSTRA


It earste sitaat giet oer Reinder Beetstra: syn dochter Rosa Sytske stelt de fraach. It twadde slacht op Sipke Blom, dêr't syn heit oer op 'e tekst is yn it *Nieuwsblad van het Noorden*.

Reinder en Sipke binne beide boeresoannen en harren libbens reitsje inoar sa no en dan op mominten dat it om fragen fan libben of dea giet: wêr stean ik yn it libben, wat doch ik der mei, wat bin ik seksueel sjoen en wat dogge wy mei beppe en heit as de ein net fier mear is.

It docht bliken dat beide mannen lêst hawwe fan sloppe ankels, dat de heiten yn Opels ride (Sipke nammers ek, mar dan in Omega-station, mar dy is dan ek dokter wurden) en dat wy dus prate kinne fan sloppe opels, mear as fan 'klasbakken'.

Hieltyd wer docht bliken dat se de wei fan de minste wjerstân kiezen en dat yn tsjinstelling ta de grutte wurden dy't se ta harren foldwaan hawwe. Sipke wurdt hurdfytser, mar hy kin sa hurd fanwege de 'middels' en sa fersylt er letter as dokter yn in tucht-kwestje om eutanasy, metadonhannel en oare tsjustere saakjes.

Reinder fersint him yn syn bejubeljen fan it kommunisme en giet dêr te lang mei troch ('hoe komt in boerejonge oan sokke opfettings') en as wethâlder fan Assen leaut er net (mear) yn syn eigen politike hanneljen. Dochter Rosa Sytske, ferneamt nei Rosa Luxemburg en de handikapte suster fan Reinder, freget dokter Sipke help by de ein fan it libben fan har heit: hy hat beppe ek 'dien', mar dokter Sipke hoecht net yn aksje te kommen, want



Bouke van der Hem.

Foto: Frans Andringa

Reinder Beetstra hat it sels dien, sûnder help, as such.

Model

Yn in fraachpetear yn dizze krante hat Bouke van der Hem (Tersoal 1946) ferteld dat er by de figuer fan Sipke Blom tocht hat oan dokter Sippe Schat fan St. Nyk en Timen Groen, de hurdfytser. En wa soe dan model stien hawwe foar Reinder Beetstra? Dat kinne al dy links-oanstutsen studinten-berops-politisy wêze dy't elkenien wol ken en dêr't men jin fan ôffreget 'hoe't dy boerejonge oan sokke opfettings komt', yndied, en hoe't it komt dat er se noch altiten hat.

Sa wurde de ferhalen fan Bouke van der Hem allegearre 'cold cases': in speurtocht nei it hoe en het fan it dwaan en litten fan twa Fryske boeresoannen yn de twadde helte fan de foarige ieu. De skriuwer docht dat yn tweintich episoaden ferdield oer fjouwer ôfdielings. De earste benammen oer Sipke, de twadde oer Reinder en yn de beide oare ferweve de beide ferhaallinen harren hieltyd mear, mar de lêzer moat sels oan it wurk om de ferbannen te lizzen en der útlis oan te jaan.

Dat makket it lêzen net maklik, mar tagelyk wol nijsgjirrich: it ferget de lêzer op meidwaan en meintinken en it oplossen fan ferwi-

zings nei de histoaryske werklikheid fan benammen de sechstiger en santiger jierren. Van der Hem docht dat yn in tige rike, beslipe styl dy't sunich mei de wurden omgiet.

Nijsgjirrich

It is dan ek net ferwûnderlik dat it hiele manuskript nochris wer oer de kop west hat, neffens meidieling fan de skriuwer. It is der grif (noch) better fan wurden. 'Aanstens komt myn dochter om my mei in taperecorder te ûnderfreegjen. De dilemma's fan dizze boerejonge steane op de wurklist. Dan moat ik it lân wer oereidzje. Eins haw ik der al skjin myn nocht fan. Al dy opwaarme prakjes.[]] Op 'e siik nei in ferklearring foar alles. No, ik bin al útsocht. () Der bliuwe wat persoanlike aksinten oer dêr't men dan in hiele heisa omhinne bout, in libbensstyl of opfetting fan makket: ik ha it ek mei jonges dien, myn broer hâldt it by ien, hy duldet allinnich eigen folk op it hiem, ik fyn dat neartzich en gean yn ferset, lykas mei it nee-sizzen tsjin ús heit', sa bekennt Reinder Beetstra.

Sa sawat giet it yn syn wurken en sa komme wy dy twa bekenden tsjin mei foute heiten, mei it fersweien en mei it tadekken fan de werklike gong fan saken by it ôfbrânen fan de pleats: heabroei, de flam yn it bakte aai of hat Sytske der in ein oan meitsje wollen? Of mei de opportunist dy't by it wâltsje lâns giet en him bejubelje lit om de krêften út anabole pil of spuit.

Hoe binne de boerejonges sa wurden? Binne it de heiten? Hawwe se de heiten noch altyd op 'e rêch, ek al sille se dat ûntkenne of kin net ien him losmeitsje fan it boerehiem dêr't er ien kear, lang lyn en fier fuort, berne is? Oedipus Rex?

It debút fan Van der Hem is in nijsgjirrich, goed skreaun boek. It is sa'n boek dat elkenien skriuwe wol oer wêr't er wei komt en hoe't er sa wurden is. It is net folle minsken jûn en wurdt mei sa'n boek ek skriuwer, want de falkûlen binne der by't seksje.

Dizze skriuwer hat bewiisd dat er genôch distânsje hâlde kin en sa goed bouwe dat it nijsgjirrich makket nei mear. Ek graach mear fan dat prikkeljende, yntelliginte omgean mei de taal en fan it foar fol oansjen fan de lêzer.

Sloppe Opels, Bouke van der Hem. Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert, 2002. 12 euro.